

Tsien soldaten

tsien soldaten nei de Libanon te fjochtsjen
ien krige fuort de giele koarts, doe wiene der noch mar

njoggen soldaten dy stiene trou op wacht:
sjoch dêr!, ien fan Hezbollah, doe wiene der noch mar

acht soldaten dy krigen in lekke bân
ien ek in lekke holle en doe wiene der noch mar

sân soldaten soene nei Israëil op reis
ien rôp doe: wat in joadestreek en doe wiene der noch mar

seis soldaten dy krûpten op it liif
mar in granaat dy kaam fan boppe en doe wiene der noch mar

fiif soldaten dy rûnen troch de hjouwer
ien trape op in lânmyl en doe wiene der noch mar

fjouwer soldaten rôpen: wy sill' jim wol krije!
ien rôp it wat te lûd en doe wiene der noch mar

trije soldaten woene nei de froulju ta
ien fûnen se letter dea ûnder't bêd, doe wiene der noch mar

twa soldaten skeaten doe op eltsenien
ien skeat ek op de oare, doe wie der noch mar

ien soldaat
mei de siel ûnder de earm,
it gewear ûnder de oare earm,
hy tocht: no is it dien!
mar de polityk jout it noait op,
en sa kamen der wer

Tsien soldaten nei de Libanon te fjochtsjen.....